

Parseberjocht

3 juny 2022

# Tjitske Wiebenga en Jan Jonkman bringe tenei it waar yn de Fryske húskearners



Omrop Fryslân kiest foar in nije formule: net ien waarman, mar in team fan eksperts. Tjitske Wiebenga (37) en Jan Jonkman (66) binne de nije waarpresintatoaren fan Omrop Fryslân. Mei yngong fan dit wykein binne se om bar te hearren en te sjen.

Jan Jonkman, boer yn Eagmaryp, is in fertroud gesicht foar de Fryske telefyzjesjoggers. Hy wie yn it ferline meardere kearen ferfanger fan Piet Paulusma. Op it stuit is er ek al alle dagen te sjen en te hearren as waarman. De op It Hearrenfean wenjende Tjitske Wiebenga makket as waarfrou har debút. Se is snein foar it earst te hearren op de radio. De kommende tiid sil se stadichoan mear bydragen leverje. Oer in skoftke nimt se ek op telefyzje it waarberjocht foar har rekken.

De nije waarpresintatoaren folgje Piet Paulusma op, dy't jierrenlang it gesicht wie fan Omrop Fryslân. Nei syn ferstjerren yn maart hat de omrop keazen foar in nije formule: net ien waarman, mar meardere. It stribjen is om neist Jonkman en Wiebenga noch in tredde waarekspert yn it team op te nimmen.

## Weerexperts

Jonkman en Wiebenga krije harren gegevens fan Weerexperts, in waarburo dat sûnt 2015 bestiet en fêstige is yn it Drintske Eelderwolde. It buro hat in grut ferskaat oan klanten. Ek RTV Drenthe, RTV Noord, RTV Oost en Omroep West krije harren waarberjocht fan Weerexperts.

Fansels is it waar net allinnich te sjen en beharkjen op telefyzje en radio. Op de app en webside fan Omrop Fryslân sil ek in wiidweidich waarberjocht te finen wêze. Op de waarsite en app komt in kaart fan Fryslân mei in tal plaknammen derop, ferdield oer de provinsje. As klikst op it plak, ferskine de gegevens oer it waar yn dat plak en de omkriten, fertelt Roland van der Zwaag fan Weerexperts. Ek is der in kaart mei radarbylden. Der is boppedat in foarsizzing foar meardere dagen en it waar sil ek yn tekstfoarm te lêze wêze, beslút seit Van der Zwaag.

## Noat foar de redaksje

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Publyk: [publyk@omropfryslan.nl](mailto:publyk@omropfryslan.nl) of (058) 229 78 60.



Omrop Fryslân



Kom fierder

Persbericht  
3 juni 2022

## Tjitske Wiebenga en Jan Jonkman brengen voortaan het weer in de Friese huiskamer

Omrop Fryslân kiest voor een nieuwe formule: niet één weerman, maar een team van experts. Tjitske Wiebenga (37) en Jan Jonkman (66) zijn de nieuwe weerpresentatoren van Omrop Fryslân. Vanaf dit weekend zullen zij afwisselend te horen en te zien zijn.

Jan Jonkman, boer in Akmarijp, is een vertrouwd gezicht voor de Friese televisiekijker. In het verleden was hij meerdere keren vervanger van Piet Paulusma. Momenteel is hij ook al dagelijks te zien en te horen als weerman. De in Heerenveen wonende Tjitske Wiebenga maakt haar debuut als weervrouw. Ze is zondag voor het eerst te horen op de radio. De komende tijd zal ze gaandeweg steeds meer bijdragen leveren. Over een tijdje neemt ze ook op televisie het weerbericht voor haar rekening.

De nieuwe weerpresentatoren volgen Piet Paulusma op, die jarenlang het gezicht was van Omrop Fryslân. Na zijn overlijden heeft de omroep gekozen voor een nieuwe formule: niet één weerman, maar meerdere. Het streven is om naast Jonkman en Wiebenga nog een derde weerexpert aan het team toe te voegen.

### Weerexperts

Jonkman en Wiebenga krijgen hun gegevens van Weerexperts, een weerbureau dat sinds 2015 bestaat en gevestigd is in het Drentse Eelderwolde. Het bureau heeft veel verschillende klanten. Ook RTV Drenthe en RTV Oost krijgen hun weerbericht via Weerexperts.

Natuurlijk is het weer niet alleen te zien en te horen op televisie en radio. Op de app en website van Omrop Fryslân zal ook een uitgebreid weerbericht te vinden zijn. Op de weersite en app komt een kaart van Fryslân met plaatsnamen, verdeeld over de hele provincie. Als je klikt op een plek, verschijnen de gegevens over het weer in die plaats en omgeving, vertelt Roland van der Zwaag van Weerexperts. Er is bovendien een voorspelling voor meerdere dagen en het weer zal ook in tekstvorm te lezen zijn, zegt Van der Zwaag.

### Noot voor de redactie

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Publiek: [publyk@omropfryslan.nl](mailto:publyk@omropfryslan.nl) of (058) 299 78 60.



Omrop Fryslân



Kom fierder